"Mei Sletten Doarren"
yn it âlde slúske fan Starum


JAN HAGER

Yn maaie sil it âlde slúske oan de nij-ynklinkere haven fan Starum it dekor wêze fan de ienakter "Mei Sletten Doarren" fan Jean-Paul Sartre. Inisjatyfnimmer fan it projekt is Pieter Stellingwerf fan Himmelum. Under syn rezjy bringe fjouwer Fryske amateurspilers de messkerpe teksten fan de ferneamde Frânske filosoof, yn in oersetting fan Klaas Bruinsma, fanôf in driuwende toanielflier oer it wetter nei it - ek driuwende - publyk.

Sartre hat "Mei Sletten Doarren" skreaun yn 1944. Sels in fersetsman, kaam de oarloch him ticht op 'e hûd en dat hat him oanset ta it stik. Net as in dokumint fan dy tiid, mar as in ferklearring foar de ûnminsklikens en gaos. Sartre syn eksistinsje-filosofy -"do bist sa'st dochst" en "do bist de optelsom fan dyn dieden" - komt yn it stik tige dúdlik nei foaren. Mocht der al in hel bestean, dan meitsje wy dy hel foar elkoar! Om't wy elkoar net hifkje op dieden, mar op wat wy fan elkoar tinke.
"Mei Sletten Doarren" spilet yn sa'n hel. Trije minsken binne alle trije fanwege moard ta dizze hel feroardiele; ta de hel fan elkoars selskip. Der is gjin útwei. De massive doarren binne foargoed tichtfallen. "By de hel tinkt men al gau oan fjoer", ferdútset Stellingwerf, "mar om't it stik besiket de gefoelens bleat te lizzen fan de rolfigueren, hie ik mear mei wetter. Lykwols soe in lift of telefoansel bygelyks ek in gaadlike lokaasje wêze kinne, mar in slûskolk mei fan twa kanten swiere houten doarren like my in poergeskikt plak. In ôfsletten rûmte, sawol foar spilers as foar publyk en dochs yn 'e iepen loft".

ôfstudearprojekt

Pieter Stellingwerf is fjirdejiers studint oan de fakulteit teater en drama fan de 'Hogeschool voor de Kunsten' yn Utert en wol mei dizze produksje yn 'e simmer ôfstudearje. Mei stipe fan dramaturch Bouke Oldenhof, mei oersetter Klaas Bruinsma, mei in begrutting fan santjin-en-in-heal tûzen gûne en fral mei it entûsjasme fan it gemeentebestjoer fan Nijefurd, stiet "Mei Sletten Doarren" op 'e rit. Ytsje Hettinga en Walter van der Meer út Koudum, Joke Tromp fan De Jouwer en Mindert Wijnstra fan Warns binne de spilers. Sûnt novimber is de ploech mei de teksten fan Jean Paul Sartre yn 'e slach. "En mei grutte nocht. Fral om't de lokaasje sa útnoegjend is en in oantrún blykt op elk mêd fan de produksje. Foar ljochtman Kees Botman likegoed as foar de dekorbouwers, en foar de organisaasje der om hinne".
Dochs hat Pieter Stellingwerf njonken de rezjy noch mei oare drokten te krijen.



"De âlde slús fan Starum" foto: Jan Hager

Ynearsten woe hy yn in leechpompte slûs op 'e boaiem spylje, mar de slûsdoarren soene de druk fan it wetter faaks net hâlde kinne, sadat de foarstelling letterlik fersûpe soe. Dus moast it spylflak driuwend wurde, lykas de tribunes foar de taskôgers. En soks fansels sûnder risiko's foar elkenien tusken de muorren fan de kolk. Mar ek de strjitferljochting moat út tidens de foarstelling. Kin it autoferkear wol oer de brêge boppe de slûs? Is der plak foar de auto's fan it publyk? En gean mar troch.

Hawar, "Mei Sletten Doarren" liket yn 't foar al in súkses, alteast neffens de reaksjes fan de Starumers. Fanôf 8 maaie binne de kaarten yn 'e foarferkeap by 'Stavoren Promotion' (05149-1616) te krijen. Fjouwer foarstellings binne fêststeld op 17, 18, 19 en 20 maaie.
Fanwege it jûnsljocht begjint de foarstelling om 21.15 oere en duorret sa'n fiif kertier.
Nijsgjirrich lokaasjetoaniel: de 'hel' fan Sartre yn de slûs fan Starum.